

IT BURDMANTSJE: DE REIDPAPEGAAI FAN 'E ISELMARKUST

Ep van Hijum



Burdmantsje

illustratie: Ep van Hijum

It Burdmantsje is in tipyske fûgel fan it reidlân. It lûd is like tipysk: 'tsjing' of 'ping' en dat is simmers en winters te hearren. De oersetting fan de Latynske namme is 'dûbel optuge sturfûgel' en op himsels is dat net in ûnaardige namme. Neist de namme Burdmantsje hat dizze fûgel noch mear ûnoffisiële nammen: 'Reidmieske', 'Reidpapegaai' (hy makket akrobatyske maneuvrels yn it reid en hy liket op in papegaai; boppedat hy is fiere famylje fan de Papegaaisnaffeltimali's) en ek 'Dekfûgeltsje'. As it winter is beskermet it mantsje it wyfke soms mei de wjukken en miskien hat er dêrtroch dy namme krigen.


It Burdmantsje komt as briedfûgel foaral foar yn de natuergebieden by de Iselmarkust lâns: fan Makkumer Noardwaard oant Mirnser Klif. Yn it Lauwersmar is er tige algemien en ferspraat troch Fryslân komme ek spantsjes ta brieden lyk as yn it marregebiet yn 'e Súdwesthoeke en de greate sompegebieden yn it Lege Midden. De oantalsûntwikkeling fan it tal briedspantsjes op 'e Iselmarkust is werjoun yn figuer 1.

It Burdmantsje is in stânfûgel, mar dat betsjut net dat er noait fan it plak komt. As der te min iten is (yn 'e winter sied fan it reid, mar ek noch wol ynsekten) dan lûke se nei oare moerasgebieden yn 'e buert. Binne dy der net dan kinne se net oars dan fierder fuort te setten.

Op dit stuit wurdt ûndersocht yn hoe fier it tipe reid (reid yn it wetter, reid mei/sûnder meanbehear, oeverreid), de tichtens fan it reid mei plûmen, de

lingte fan 'e reidplûmen en it itensgedrach fan de Burdmantsjes fan yn-floed is op it foarkommen fan Burdmantsjes yn 'e winter.

Ep van Hijum, FFF-Vogelinventarisatiegroep Mokkebank, Rysterbosk, Bocht fan Molkwar en Morra-Fûgelhoeke, Buorren 8, 8721 GP Warns (tel: 0514-681758)



Figuur 1. Aantalsontwikkeling broedparen Baardman langs de Friese IJsselmeerkust, van Makkumer Noardwaard t/m Murnserklif, in de periode 1994 t/m 2000. Bron: It Fryske Gea & Vogelinventarisatiegroep Mokkebank, Rysterbosk, Bocht fan Molkwar en Morra-Fûgelhoeke.